

Mienskiplik reiske nei Hegebeintum

Op sneon 17 septimber wie it mienskiplik reiske fan de NGV en it GWF.

Dizze kear wie de reis organisearre troch de NGV en wie it doel fan de reis Hegebeintum.

26 minsken hiene harren opjûn foar dizze ekskurzje.

Om 13.30 oere waard begûn mei kofje/tee yn it nagelnije besikerssintrum.

Neidat it earste bakje op wie makken we ús klear foar in kuier nei de tsjerke.

De hear D. Hoogland wie de gids en fertelde tidens de kuier ien en oar oer de skiednis fan de terp, mei hast 9 meter de heechste fan Fryslân, ja fan Europa. De oerflakte fan dizze terp besloech 9,5 hektare.

Omdat der in flinke bui oerkaam, gongen wy hastich nei de tsjerke op 'e terp.

Al sûnt de 11^e iuw stiet op dit plak in tsjerke.

De skiednis fan de tsjerke is ferbûn mei Harstastate.

De bewenners fan dizze state ha harren spoaren neilitten yn de tsjerke.

Der hingje gâns wat roubuorden fan de famyljes Van Nysten; De Schepper, Van Aysma, Heslinga en Van Coehoorn.

In pear jier lyn binne 16 roubuorden restaurearre. Hja sjogge der no wer prachtich út.

Behalve de roubuorden is der ek in prachtige hearebank en lizze der moaie grêfstiennen.

Op inkelde plakken binne op de muorren stikjes fan fresko's te sjen. Dit binne de âldste fan Fryslân.

It hiele ynterieur fan de tsjerke kin besjen wolle lije. Der is in moaie 17 iuwske preekstoel, in typysk protestantsk bankeplan, mei frouljusbanken dwers op 'e súdmuorre en de mannebanken yn de lingterjochting by de noardmuorre lâns. It oargel is fan de ferneamde Fryske oargelbouwers van Dam. Nei it besjen fan de tsjerke hawwe wy noch in slach oer it hôf makke. Oan de eastkant leit in mânske sark, dy't de grêfkelder fan de famylje Andringa de Kempenaar ôfslút.

Yn de sydgevel fan de pastoary sit in gevelstien mei de nammen fan tsjerkfâden út de tiid fan de bou.

Dernei gong it wer nei ûnderen, nei it besikerssintrum foar it twadde bakje, dit kear mei gebak.

De foarsitter betanke de minsken dy't dizze ekskurzje tarieden hiene en kundige de kommende gearkomsten fan GWF en NGV oan. Dernei koe elk op eigen manneboet de tentoanstelling oer de bewenningsskiednis fan Hegebeintum besjen. Al mear as 2500 jier wenje der minske op dit plak. De spoaren derfan binne by de ôfgravings fan de terp tusken 1870 en 1928 foar it ljocht kommen. De terpierde waard ferkocht as fruchtbere grûn nei de sângrûnen yn 'e Wâlden.

Al mei al in slagge reiske.

Rinse Spits

25 septimber 2022

